



BANKGEHEIM

(Bankgeheim)

Blijspul yn fjouwer bedriuwen

fan

J. HEMMINK-KAMP

Yn it Frysk oersetten troch

Anneke Burgy

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BANKGEHEIM** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **J. HEMMINK-KAMP** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00. Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Harke – túnman, 55 jier.

Jorrit en Hille

Anke en Tynke - fjouwer studinten, 17 jier.

Mefrou Smit – in kreas âld wyfke, 75 jier

Sjoke Bos – wat âldere frou, 75 jier

Kune List – wat âldere frou, 75 jier

Mike Bak – krekt wat jongere eamelkont

Mynhear Bokma, 70 jier

Mynhear Sonnema, 75 jier - demintearret in bytsje.

Alle boppesteande persoanen wenje yn in fersoargingstehûs

Binne en Knillis - twa fleurige swalkers.

Dûbelrollen binne goed mooglik!

TOANIEL:

It stik spilet yn in park. Midden op it toaniel steane twa banken tsjinoer inoar. In bytsje nei achteren stiet in grutte ôffalbak. In protte strûken en blommen. Op de achtergrûn is in bosk. Mei in bytsje fantasy is hjir wol wat moais fan te meitsjen.

EARSTE BEDRIUW

(dúdlike stim op de achtergrûn, ûnder ien fan de banken wei)

Ik bin in bank, in deagewoane bank yn in park. In bank as safolle oare banken, neat bysûnders. Mar toch bin ik net in gewoane bank, ik ha sa myn eigen libben, want ik bin eins in wêzen sis mar, it saneamd bankwêzen. Eins ha ik wol in moai libben, al moat ik wol es lije ûnder de lêsten fan minsken dy't even út it folle ljocht wei moatte. Lichte lêsten, swiere lêsten en oerlêsten. Der is gjin mins dy't it sa swier hat as ik. Soms bin ik sa wurch, dan soe 'k wol graach troch myn poaten sakje wolle. Mar as ik dan wer tink oan al dy minsken dy't in stipe yn de rêch by my sykje... dan sis ik tsjin myn spikers en bouten; "hâldt de moed der yn jonges, want hoe soe 't wêze as der gjin banken wiene"! Wêr wurdt der no mear praat, rabbe en frijd as op in bank! As in bank es prate koe! Nee, dan soene wy neat sizze, want dat is no krekt ús geheim...it saneamde bankgeheim. Ik sil myn krêften mar sparje foar dizze moaie dei. It sil hjoed wol wer drok wurde.... ah...dêr komt myn earste besite oan, hear ik.

(De stim swijt. Jorrit en Hille komme dravendewei op 'e bank tasetten en falle dêrop del)

JORRIT: *(gappet nei de siken)* Wêrom wolsto moarns altyd sa betiid wêze, ik bin deawurch fan dat gedraaf. Jasses!

HILLE: *(in bytsje stikem)* Ik wol dy wat sjen litte... *(docht syn tas iepen en hellet syn boeken der út)*

JORRIT: Dat binne dyn boeken, wat is dêr no oan te sjen?

HILLE: *(sjocht om him hinne en hellet in blêd út 'e tas)* Moatst es sjen wat ik mei smokkele ha. Stikem fan ús heit pikt, hy hie 't achter syn boeken weistoppe.

JORRIT: *(sjocht)* Dat is in seksboekje jong, dy hat ús heit ek wol, mar dy stoppet se net fuort.

HILLE: Dat hie ik noait fan ús heit tocht! Dy is altyd sa string. Hy ferteld ús altyd wat films wy sjen meie.

JORRIT: Begrypsto der wat fan? Dat dy âlde keardels soks no sa moai fine? (*blêdzje tegearre yn it boekje*) Moatst hjir no es sjen, dit fanke hat allinnich mar learzens oan ûnder har bleate kont... Haha, it binne krekt strûpte kninen. (*blêdet fierder*)

HILLE: No moetst hjir es sjen, wer sa'n bleatenien, mei allinnich in rym om har mul...hi hi hi... en se hat ek noch mofkes oan!

JORRIT: Mofkes stean moai seit ús mem altyd. Mar ik tocht mei mear klean oan...

HILLE: Gedferderry, moetst dy eagen es sjen... krekt as doocht se net hielendal...de mûle hat se in bytsje iepen hingjen...as soe se flaufalle. As se der net om tinkt, rint de flibe har aanst om 't kin.

JORRIT: Hjirre, ek noch bleate keardels. (*laitsje*) Wêr liket dit no op? Krekt in burdaap!

HILLE: En dizze dan, wat in glêdjanus mei syn keale kop.

JORRIT: Moatst dit hingwurk es sjen. (*skatteret it út. Dan sjonge en hinne en wer maneuvelje*) Ding..dong... dinge...donge... ik sjoch ús heit sa al nei 't kantoar gean, Mei er wol in taske meinimme foar syn papieren en kaikes. (*sjogge fierder*) Hjirre, in frou yn in tigerfel!

HILLE: Ik gean leaver nei de dieretún, dêr sjochst teminsten echte tigers... Dy mei dy grutte hoed op... ast dy op 'e kop setst liket it krekt in grutte drilpudding. (*Harke komt lâns mei in kroade. Hy bliuwt even stean*)

HARKE: Soa...noch oant learen sjoch ik wol. Doch jim bêst mar jonges, mar tink der wol om dat jim net te let op skoalle komme, hear! (*rint fierder*)

JORRIT en HILLE: Komt yn oarder, túnman.

HILLE: Fynsto der wat oan, oan sa'n seksboekje?

JORRIT: Ast der ien sjoen hast, hast se allegearre wol sjoen.

HILLE: It lykje allegearre wol glêde wjirmen. Froulju binne folle moaier yn in spikerbroek en in trui. (*boekjes yn de tas*) Kom jong, oars komme wy te let. (*oerein*)

JORRIT: Wat dochst mei dat boekje? As de learaar it sjocht bist de bok.

HILLE: Dan pakt er it fan my ôf en hâld er it moai foar himsels, moatst rekkenje. Ik smyt it wol yn de ôffalbak. Sa, miskien kin in oar der noch wat oan ha. Wy moatte drave, jong. (*hastich ôf. Dan komme twa famkes op dy't drok oan it praten binne. It binne Anke en Tynke*)

TYNKE: En doe woe dy iene fint my noch nei hûs bringe ek. (*giet sitten*) Mar ik wie myn type net... wat in stive ruter, sis! Hy studearre noch en hie fansels gjin sint op syn melis. Doe frege er my oft ik in oare kear in ein mei him kuijerje woe. (*minachtsjend*) Kuijerje...! Wa docht dat no noch. Wy wolle toch nei in disko as in bar! In lekker drankje, de hiele jûn dûnsje, wat wolst noch mear!

ANKE:(*dreamerich*) Ik soe no krekt wol es wat oars wolle en krekt wol in kuijer meitsje! In hiele jûn bûten, rein op dyn gesicht, de wyn troch it hier, of samar nei de stjerren sjen.

TYNKE: (*Sjocht har ferwûndere oan*) Doochsto wol? Wa docht no soks!

ANKE: No, ik! It sit my soms oant hjir! (*wiist op har kiel*) Jûns optutsje om nei de disko te gean...en mar omtoffelje op dat lytse dûnsflierke mei al dy rot lampen. Sjochst net iens mei wa'st dûnsest!

TYNKE: (*gycheljend*) Dan kenne se dy ek net en kinst dûnsje en frije mei wa'st mar wolst.

ANKE: It stiet my allegearre sa tsjin!

TYNKE: Bist der dêrom de lêste tiid net west?

ANKE: Ik fyn it thús ek gesellich en ús heit en mem fine it ek moai as ik gewoan thúsbliuw.

TYNKE:(*hat it wol troch*) Ja, ja... do meist net fansels.

ANKE: Dat moet ik sels witte, ik bin santjin.

TYNKE: Dan moatst moai thúsbluwe... binne dyn kânsen sa foarby.

ANKE: Hoe bedoelst? Kânsen foarby?

TYNKE: Op in frijer, fansels. Ast dysels net joust kinst it wol ferjitte...se komme net by dy, hear! En wêr sjochst oars noch jonges as yn de bar as disko?

ANKE: Der binne noch genôch jonges dy't dêr net komme.

TYNKE: Dan meist wol hiel goed sykje en dan binne it allegearre fan dy deabidders.

ANKE: Ik soe wol es wat oars wolle. Ik bin fan doel om by in sportferiening te gean. It hinget my de kiel út om alle jûnen achter in gleske kola te sitten.

TYNKE: Doch net sa truttich, der is wol wat sterkers as kola en boppedat kinst der altyd noch wol in flinke tik yn dwaan. Dan geane de remmen der wat ôf en kinst better meidwaan.

ANKE: Kom, lit ús mar opstappe. *(oerein)* Wy wurde it toch net iens.

TYNKE: Ik fyn dy mar stom hear! Mar ja...ik bin ik en do bisto. *(beide ôf)*

STIM: Spitich dat in bank ek stom is. Wat soe ik graach es meiprate wolle. Ik moat it mar oer my hinnekomme litte, want prate is sulver en swije is goud.

HARKE:*(wer op mei de kroade. Hy siket papierkes fan de grûn en docht se yn de ôffalbak. Sjocht dan it seksboekje. Hy bledderet der yn en fluitet tusken de tosken)* Dy lytse kringen, tinkst dat se sitte te learen, mar sitte se moai dy goare seksboekjes te besjen. *(rint op de bank ta en skodhollet)* Dy jeugd fan tsjintwurdich... As harren âlden dit es wisten... *(blêdet der wer yn)* No, no...dêr bin ik wol in jûn moai mei. *(pakt syn breatrompke en kofje út it taske en giet sitten. Hellet bôle út it tromke)* Soe der no noait es wat oars yn sitte ...? Ja, hear, dêr is 't al wer sa...foar de safolste kear...leverwoarst! Ik kin der wol op spue! *(docht it tromke ticht en skinkt himsels kofje yn. Underwilens komt mefrou Smit op. In kreas âld wyfke. Se giet hiel foarsichtich neist Harke sitten)*

SMIT: Moarn, túnman.

HARKE: *(stiif)* Moarn.

SMIT: Sierlik waar hjoed!

HARKE: Giet wol.

SMIT: 't Sil wol waarm wurde hjoed.

HARKE: Soe bêst kinne.

SMIT: As der mar gjin tonger komt, it is sa near.

HARKE: 't Koe wolris tongerjen wurde...

SMIT: In buike rein soe gjin kwea kinne...

HARKE: Nee, dêr kin de boel fan opfrisse.

SMIT: Ik steur jo doch net yn jo wurk?

HARKE: Hielendal net, ik ha no skoft.

SMIT: O, ik sjoch it al, jo soene krekt in hapke ite.

HARKE: Dat soe 'k, mar ik begjin der net oan.

SMIT: Wêrom net? Net siik wol?

HARKE: Ja, ik bin mislik. (*pakt de bôle*) Sjoch...dei yn dei út leverwoarst op bôle, dêr wurdt in mins kots en kots mislik fan!

SMIT: Leverwoarst is oars hiel wol lekker.

HARKE: In dei as wat ja, mar net dyn hiele libben.

SMIT: No, no, jo hiele libben.. Jo krije doch ek wolris wat oars op bôle?

HARKE: (*brimstich*) Ferjit it mar. Sûnt ik es sein ha dat ik wol sinne hie oan leverwoarst, krij ik it alle dagen op bôle. Dat docht se om my te narjen.

SMIT: Hokker se?

HARKE: Myn frou fansels!

SMIT: Soa...jo binne troud?

HARKE: Ja, oars hie 'k gjin frou, no?

SMIT: Binne jo al lang troud?

HARKE: Al fiifentritich jier. It liket wol in ivichheid.

SMIT: Dan binne jo in lokkich mins, túnman!

HARKE: Lokkich? Ferjit it mar.

SMIT: Elk mins kin lokkich wêze...as er wol teminsten.

HARKE: O ja? Ek, mei alle dagen leverwoarst op 'e bôle?

SMIT: Och myn leave man, der binne toch ek noch oare dingen yn jo libben?

HARKE: Dêr sjoch ik dan moai neat fan. Ik sjoch allinnich mar leverwoarst en dy frou fan my fansels. (*skodhollet*) Dêr ha ik hielendal neat oan.

SMIT: Is dat altyd al sa west?

HARKE: Ja...altyd. (*tinkt dêr oer nei en twivelet*) Nee, no liich ik...no moat ik earlik wêze, oars wie ik net mei har troud, fansels. Earder hiene wy it moai tegearre. (*skodhollet*) Mar de lêste jierren is it mis. Gûle mei de pet op sis mar. Se is sa feroare...sa stil... prate mei-inoar is der net mear by. Ik bin bliid dat ik oerdei myn wurk ha. Ik moat der net oan tinke dat ik de hiele dei thús sitte moast.

SMIT: Mar binne josels dan faaks ek net feroare?

HARKE: (*ferbjustere*) Ikke...? Hoe komme jo dêr by? Dat mins hat hielendal gjin lêst fan my. Alle jûnen gean ik nei 't kafee ta, kaartspylje mei myn freonen en de wykeinen fiskje. Sadwaande rin ik har noait foar de fuotten.

SMIT: Dus, jo frou is altyd allinnich?

HARKE: Ik sei al, ik rin har noait foar de fuotten.

SMIT: Soe se faaks wol graach wolle!

HARKE: Hoe bedoele jo?

SMIT: Dat jo wat mear thús bliuwe moatte. (*even stil*) Wat sil dy frou har iensum fiele.

HARKE: (*sjocht har oan*) Iensum? Se hat allinnich mar in min sin.

SMIT: Ha jimme gjin bern?

HARKE: Wie dat mar wier. Mar ik kin der ek neat oan dwaan en dêr hat se ek jierren op om sangere.

SMIT: Sangerje? Soe 't net fertriet west ha? Binne jo wol es aardich tsjin har?

HARKE: Wêrom? Se is ek noait aardich tsjin my. 't Is krekt as kin se net mear prate! As ik jûns op stap gean, seit se: "Ast thús komst, sil ik wol op bêd lizze en dyn bôle foar moarn sit yn 't tromke" En ja hear, myn broadsje leverwoarst leit al wer klear.

SMIT: Wit jo frou dan net dat jo dêr net sa happich op binne?

HARKE: Dat soe 'k net witte. Alle dagen itselde, it komt my de strôt út en dat allinnich mar om't ik hiel lang lyn sein ha dat ik sin hie oan leverwoarst.

SMIT: Dan hat se jo allinnich mar in plezierke dien.

HARKE: Se docht it allinnich mar om my te narjen.

SMIT: Wêrom sizze jo der noait wat fan?

HARKE: Dy wille gun ik har net en dêrom gean ik jûns sa gau as 't kin nei de kroech, want ik wit dat se net graach allinnich is.

SMIT: (*skodhollet*) Wat kinne minsken inoar it libben dochs soer meitsje en om de ûnnoazelste dinkjes. It soe sa oars wêze kinne.

HARKE: (*begjint toch mar te iten*) Ja, it libben is net sa maklik.

SMIT: Mar jo kinne der sels in soad oan dwaan. (*even stil*)

HARKE: Jo binne noait troud west?

SMIT: Ja hear...fiif en fjirtich jier. Twa jier lyn is myn man ferstoarn en ik mis him noch alle dagen. Dan tink ik: hiene wy dit noch mar es bepraat en hiene we dat noch mar es dien...Mar foar dat jo it witte is it foarby. Dêr soene de minsken wat mear oer neitinke moatte.

HARKE: Ik ek?

SMIT: Jawis, jo ek...foaral om't jimme noch byinoar wenje. It kin sa gau te let wêze en wy kinne it noait werom draaie... *(oerein)* Wat sitte wy djipsinnich te praten, net?

HARKE: Soks docht in mins wol es goed!

SMIT: Dat is te hoopjen... Kom, ik wol noch even by dy roazetún sjen. Wat steane se der prachtich by, net?

HARKE: Moai, no? Dy wurde troch my ferpopke.

SMIT: Sis túnman, *(giet wer sitten)* soene se it yn de gaten ha as jo der in boskje ôfknippe?

HARKE: *(sjocht om him hinne)* Woene jo graach in boskje roazen ha?

SMIT: Nee, ik net, mar nim es in boskje mei foar jo frou... faaks hat se yn jierren gjin blommen krigen.

HARKE:*(heal oerein)* Wátte...blommen foar myn frou?? Foar dy leverwoarst? Ik krij noch leaver in byt fan in hûn en ik doar te wedzjen dat se de roazen daliks yn 'e jiske-amer smyt.

SMIT: Dan besykje jo it letter noch es...en noch es. Folhâlde wol ek wol es helpe. It libben is soms te koart om wat goed te meitsjen.

HARKE: *(yt fierder)* Blommen.... ik krij se foar de kop. Ik sil my dêr op myn âlde dei mei in boskje blommen thúskomme...pfff... ik sjoch wol út.

SMIT: Jo frou soe der nei sjen kinne as se jûns allinnich sit. Faaks kriget se der in fleurich sin fan.

HARKE: As jo âld wurde is it sin net sa gau fleurich te krijen en myn frou sit eins altyd mar wat stil foar har út te sjen.

SMIT: Praat dan noch es mei inoar.

HARKE: Ast neat tsjin inoar seist, dan praatst toch net!

SMIT: *(oerein)* Wat in redenaasje. No...yt mar lekker fierder. *(ôf)*

HARKE: Dêr kin ik gjin dankjewol op sizze... man, man... wat kin dat mins preekje. Soest der hast in skuldgefoel fan oerhâlde. (*foar him út*) It is myn skuld toch net dat alles yn 'e knoop sit? Ik kin der toch ek neat oan dwaan...nee toch! (*even stil*) Of wol..? In boskje roazen...dat is toch folslein krankjorum... Krekt as soest dêrmei de boel feroarje kinne. (*docht bôle en termoskanne wer yn it taske en giet op 'e roazen ta*) Sa Harke, noch mar even fierder klusse, jonge. (*slofket fuort*) (*Dan twa âldere dames op, Sjoke Bos en Kune List*)

KUNE: Lekker rêstich hjir, lit ús der mar even by sitten gean. (*helpt Sjoke dy't mei in stôk rint*) Wol 't in bytsje?

SJOKE: Ja, giet wol. Moai datst my hieltiten sa helpst.

KUNE: In lytse muoite, hear.

SJOKE: Net elk is sa behelpsum. Wat moai om hjir sa te sitten, net?

KUNE: Wy ha it wol troffen mei dit hûs en dit park sa moai tichteby.

SJOKE: Sis dat wol. Der falt wol it ien en oar op te sizzen fansels.

KUNE: Oeral is wol wat.

SJOKE: Ik bin bliid dat dy frou Bak der net by is. Ik wurd altyd sa wurch fan dat mins. Se rabbelet en rattelet alles trochinoar hinne. Soe se net murken ha dat wy fuort giene?

KUNE: Se moat hjoed nei de terapeut. Ik leau dat dat mins net goed by de holle is, sa nuver docht se altyd. Dan ha ik it noch net iens oer har klean hân. Soest dy deaskamje as se neist dy sitten komt en dan dat nuvere praat fan har...

SJOKE: Se sil wol net gek wêze, oars siet se wol ergens oars. Foar gekke minsken ha se wol oar plak. Sis, hast al mei de nije praat?

KUNE: Wat nije?

SJOKE: Dy kreaze mynhear, dy't hjir ferline wike kaam is.

KUNE: In nije man? Dat my dat net opfallen is!

SJOKE: Do moatst him wol sjoen ha. Hy siet juster yn 'e hoeke fan de kofjekeamer. In echte kreaze keardel, hiel moai yn 't pak.

KUNE: No'tst it seist, ik miende dat it in dokter wie.

SJOKE: En fan 'e moarn doe't ik him op 'e gong tsjinkaam, hat er de hoed foar my ôfnommen. (*gychelet*) En witst wa't er by him hie?

KUNE: Ik soe 't net witte.

SJOKE: Dat suterige keardeltsje, do witst wol, dy mei dat petsje op. Dy rûn as in hûntsje achter him oan, it wie net om oan te sjen.

KUNE: Dat is wol sa'n apart gefal... hoe hjit er ek al wer?

SJOKE: Kin my neat skele.

KUNE: Ik soe wol graach es mei him yn 'e kunde komme wolle.

SJOKE: Mei wa? Mei dat keardeltsje mei dy pet?

KUNE: Nee, mei dy kreaze mynhear fansels!

SJOKE: No, sjoch dêr... (*wiist mei de stôk*) Dêr komme se oan...

KUNE: Wa... wat??

SJOKE: Dy kreaze man en dat keardeltsje rint achter him oan.

KUNE: (*Fimelet oan har klean en har hier en docht it huodsje ôf*) No sis... dy sjocht der goed út... (*Beide manlju, in pear stappen achter inoar oan, op. Bokma kreas yn 'e klean mei in hoed op en Sonnema, in begrutlik keardeltsje, wat simpel, hat in pet op*)

BOKMA: (*nimt mei in swaai syn hoed ôf*) Moarn froulju! Wat in prachtige dei hjoed, net?

SONNEMA: (*petsje ôf*) Prachtige dei, no?

KUNE: Prachtich mynhear, prachtich... wy sitte hjir te genietsjen.

BOKMA: Gelyk ha jim, dat kinne jim noait tefolle dwaan.

SONNEMA: Dat kinne jim noait tefolle dwaan.

BOKMA: Ik bin de boel in bytsje oan 't ferkennen, it is hjirre wol hiel moai.

SONNEMA: It is hjirre wol hiel moai, ja.

SJOKE: O ja, der falt hjir wol wat te genietsjen.

BOKMA: Dat bin ik ek wol fan doel.

SONNEMA: Dat bin ik wol fan doel.

BOKMA: Ik hoopje hjir in moaie âlde dei te krijen.

SONNEMA: In moaie âlde dei is wol moai.

SJOKE: Dat sil fêst wol slagje.

BOKMA: Dêr bin ik net sa benaud foar.

SONNEMA: Ik bin ek net benaud.

BOKMA: *(nimt hoed wer ôf)* Dames, wy sjogge inoar noch wol en genietsje mar fan dizze dei. *(rint ôf, Sonnema achter him oan, komt dan werom, nimt syn petsje ôf en seit)*

SONNEMA: Wy sjogge inoar noch wol om derfan te genietsjen. *(fottelet achter Bokma oan ôf)*

SJOKE: Ha ik tefolle sein?

KUNE: Dat ûntbrekt der noch mar oan! Sjoch! *(Mike Bak komt mei grutte stappen op. Hat in flodderich festje oan op in skeef hingjende rok en gym-skuontsjes)*

MIKE: *(laitsjend)* Sjoch es oan...dêr sitte de kanarjesyskes wer! Sa, ik gean der mar by sitten.

SJOKE: *(lilk)* Kanarje-syskes?! Hoe doare jo, wy binne gewoan kreaze froulju, hear!

MIKE: Nim my mar net kwea ôf, it fûl my samar út 'e mûle. *(sjocht harren fansiden oan)* Mar as ik jim sa sitten sjoch, binne jim krekt yninoar dûkte fûgeltsjes...mar sjonge sil net mear wolle, tink? *(skodhollet)* Jim kinne net iens laitsje, lit stean in deuntsje sjonge!

KUNE: Hoe doare jo, net te leauwen!

MIKE: *(rattelet gewoan fierder)* Ik bin by de terapeut west, allegearre nije oefeninkjes leard. *(oerein, docht it foar)* Sjoch, no moat ik fiif kear deis tsien kear myn earm nei achteren swaaie. Sjoch sa. En dan kom ik hieltyd in bytsje fierder. Mar wol folhâlde seit de peut en dat doch ik dan mar. *(giet wer sitten)* Mar it docht alderheislikste sear. *(gychelet)* Ferline wike hat dy fint myn earm safier nei achteren lutsen... it wie net moai mear. Ik gie hast fan myn stokje. Ik sei tsjin him: "Ast my dit noch ien kear lapst, jonkje, dan krigest toch in hingst foar dyn harsens!" Ik stean net fuort te piipjen, mar se moatte net tinke dat in âld mins alles ha kin. *(laket)* Hy wit no wol hoe let it is, want fan 'e moarn die er tuike tuike oan. Hy sei dat it hielendal goed komme soe mei myn earm, as ik mar folhâld. *(tsjin Sjoke)* Do moatst ek es nei dy peut gean, faaks kin er dy ek wol helpe.

SJOKE: Ikke? Ik soe net witte wêrfoar!


MIKE: *(wiist nei de stôk)* Foar dyn fuotten fansels! Hoechst dy keunstskonk ek net mear te brûken.

SJOKE: *(ferbjustere)* Ik ha hielendal gjin keunstskonk!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto